

Teake Oppewal

Ynspiraasje en ynhâld – Koos Tiemersma

Op 5 novimber 2011 waard yn Riis yn Hotel Gaasterlân in Skriuwersbounwykein hâlden. Seis skriuwers wiene útnoege om wat oer harren skriuwerij te sizzen mei as tema 'Ynhâld en ynspiraasje'. Trije – Greet Andringa, Hein Jaap Hilarides en Margryt Poortstra - hawwe wat se dêr sein ha sels op skrift steld. Fan wat de oare trije – Hidde Boersma, Koos Tiemersma en Akky van der Veer - nei foaren brocht ha (en de neipetearen) is troch Teake Oppewal fan Tresoar in ferslach opmakke. Alle seis stikken binne foar pleatsing op dizze ôflevering fan Ensafh beskikber steld. De lêzers fan Ensafh krije sa de gelegenheid om ek by de auteurs yn 'e keuken te sjen. Moai. Hjir de bydrage van Koos Tiemersma. Klik foar de oare bydragen troch nei: Greet Andringa, Hidde Boersma, Hein Jaap Hilarides, Margryt Poortstra en Akky van der Veer.

Koos wurket yn it basisûnderwiis. Hy hat geregeld bern yn de klasse fan wa't er tinkt: dy kipet der út, as it om kreativiteit giet, bg. by opstelskriuwen of yn muzikaal opsicht. Wie ik ek sa'n bern, hat er him wolris ôffrege. Hy lies okkerdeis yn syn âld opstelskrift en moast konkludearje: Nee. Hy hie wol taalgefoel, mar it idee om wat mei taal te dwaan kaam letter pas op, fia de muzyk. Yn Frjentsjer gie er yn de jierren santich in kear nei in konsert fan Irolt [lit elpee sjen, *De Smid fan Earnewâld*] en nei dat optreden siet er sa fol fan Irolt dat er sels ek ferskes skriuwe woe. Dy earste jûns kaam der samar in liet ['Omke Jan is dea', hy sjongt it foar]. Ut it lietskriuwen wei groeide er nei it ferhaleskriuwen. Hy skreau spontaanwei in ferhaal fan fiifhûndert wurden en tocht doe dat er de noarm van twatûzen wurden noait helje soe, mar it slagge. De Rely wurke as 'probearperk'. De earste ynstjoering yn 1999 krige er werom mei posityf kommentaar, yn 2000 wie it raak mei it ferhaal 'Job, in alter'.

De folgjende stap moast in boek wêze, mar hoefolle wurden soe dat wol net wêze? [ynstimmend en werkennend laitsjen út de seal]. Krekt as earder troch de muzyk fan Irolt waard er no meisleapt troch Meir Shalev syn boek *De grote vrouw* [lit eksimplaar sjen] http://www.bol.com/nl/p/nederlandse-boeken/de-grote-vrouw/1001004010366776/index.html#product_description Dat wol ik ek! En sa kaam *De Ijedder* der.

Koos syn tredde slach wurdt de *e-reader*. Hy is fan doel om syn bestoand wurk en nij wurk op de eigen side te setten. Der komt ek in nije skriuwersnamme: Froom Akker. Op syn website stiet in Nederlânske satiryske roman yn e-bookfoarm mei de titel *Hoe blond je aap*, in parody op Wilders. Dêr binne sa'n fyftich fan ferkocht. Fierder wurket Koos oan in oersetting fan *It liet fan de Ibis*. Nij wurk wol er yn twa talen útbringe. It ferhaal dat Koos ophâlden wêze soe mei Frysk skriuwen is opblaasd troch de media. Hy hat ferlet fan struktuer en moat soms in streek sette. Dat hie er gewoan op syn side setten. Hy is ommers in skoalmaster, hy wol de dingen útlizze. En doe stie samar ynienen dy reporter fan Omrop Fryslân op 'e stoepe.

Neipetear

>Siket Koos mei syn 'tredde slach' ek in nij publyk?

>>It ferrin yn syn publyk yn tsien jier is gigantysk, stelt er fêst. *De Ijedder* spruts it Hylke Speerstrapublyk oan, it is in histoaryske roman op in pleats. Mei de tematyk dy't er yn lettere romans oansnijt leit dat oars. Dat er de Rink van der Veldepriis krige foar *De Ijedder* wie er wol tige wiis mei. 'Ja, ik wol in grutter publyk ha. Ik bin twatalich, dat, wêrom net?' It Fryske publyk ûnderfynt er as sa beheind, dat er hast gjin respons krijt. Je skriuwe in boek, publisearje it – en dan in pear besprekjes en je hearre der noait wer wat oer. Fan oare skriuwers heart er datselde ek. En foar Fryske e-books is it publyk noch lytser en dan berikke je yn it Nederlânsk alteast noch wol wat minsken. Oer syn ynspiraasje seit er noch: 'Ik wol reagearje op dingen dy't ik om my hinne sjoch of meimeitsje. Dat jout my ynspiraasje, oft it no Irolt is of Wilders.'